

FAN ALD NEI NIJ

Punten fan omtinken foar de weryndieling

1. Ynlieding

By it nimmen fan it beslút oer de weryndieling op 24 juny 2013 hat de ried omtinken frege foar it fierdere proses en foar de opmerkingen dy't yn de doarpspetearen makke binne. De gemeenterieden hawwe op 12 en 16 (Ljouwert) novimber 2015 it 'Herindelingsontwerp' fêststeld. Fan 17 novimber ôf lei it acht wike op besjen en koene der sjenswizen yn'tsjinne wurde. It ûntwerp is it begjin is fan it wetlike trajekt en giet yn op de romtlike, ekonomyske en maatskiplike skaaimerken fan de belutsen gemeenten, op de motiven om ta weryndieling oer te gean en op de takomst.

Net alle saken dy't yn de doarpspetearen neamd binne, komme werom yn it weryndielingsûntwerp. Dizze notysje besiket saken te beneamen dy't libje yn de doarpen, om foar te kommen dat wy wat oer de holle sjogge. Dêrby moatte wy betinke, dat ek sûnder weryndieling net alles bliuwe soe sa't it wie. Aktiviteiten ûntsteane, bliuwe of wurde wei, omstannichheden feroarje. Mar troch it deroer te hawwen, kinne wy wol besykje de takomst te beynfloedzjen.

De gemeenteried hat op 16 maart 2015 nei oanlieding fan in earder konsept fan dizze notysje yn in moasje útsprutsen dat dizze punten net allinne mei de doarpen, mar yn de oanrin nei 2018 ek mei de oanbelangjende buorgemeenten bepraat wurde moat. Dizze notysje is in dynamysk en iepenbier dokumint. By it petear mei de doarpen sille dêrom ek de fertsjintwurdigers fan de 'ûntfangende' gemeenten, amtlik en bestjoerlik, útnoege wurde.

2. De ûnderwerpen

1. *Fûnsen en lienen.*

As der neat bart, geane dy oer nei de gemeente Súdwest-Fryslân, omdat dêr it grutste part fan ús gemeente hinne giet. Wy stelle út om it karbrief fan it Rely Jorritsmafûns (foar it befoarderjen fan de Fryske letterkunde) sa te feroarjen, dat de ferantwurdlikheid nei de gemeente Ljouwert giet. Dit om de bân fan it fûns mei Rely Jorritsma syn berteplak Jellum te behâlden. Oant 1 juny 2016 kin kommintaar levere wurde op it nije karbrief, dat publisearre is op www.littenseradiel.nl.

It Regenbogenleen (Boazum) foar studinten medisinen en farmasy en de Stichting Wommels (foar it doarp Wommels, yn it bysûnder de jongerein) geane oer nei de gemeent Súdwest-Fryslân. De konsekwinsjes wurde besjoen.

Fan it Bonté-de Grootfûns (foar de 'earmen' yn Easterwierrum) wurdt besjoen oft it net better opdûkt wurde kin, werby't de opbringsten fansels to'n goede komme moatte oan it doarp Easterwierrum.

2. *Saken dy't spesifyk binne foar ús gemeente en bydrage oan de leefberens.*

Hjirûnder folget in list, dêr't dy aktiviteiten yn willekeurige folchoarder opnommen binne. Besocht is oan te jaan, hoe grut de belutsenheid fan de gemeente is. Wêr't 'it bestjoer' yn

aksje komme moat, leit de ferantwurdlikens yn it foarste plak by it bestjoer fan de betreffende ynstelling, wêr't 'gemeente' stiet, by de gemeente. 'Aksje' begjint mei in petear of in notysje, dêr't in ferfolch op komme kin. Earst folgje de aktiviteiten dy't mear as ien gemeente befieemje, dan folgje de doarpen dy't nei Súdwest-Fryslân geane, dan dy nei Ljouwert en de nij te foarmjen gemeente Westergo.

Alle gemeenten

- a. Spulwike: dy is foar de bern út de hiele gemeente en wurdt yn de earste wike fan de simmerfakânsje organisearre yn trije doarpen: Easterwierrum (ûnderbou), Easterlittens (middenbou) en Weidum (boppebou). De fraach is, oft de Spulwike unyk genôch is om nei 2018 yn dizze foarm bestean te bliuwen. Oare gemeenten ha ek spulwiken, mar dy binne meast yn de stêd en rjochte op doelgroepen. Aksje: bestjoer Spulwike. Op 6 novimber 2014 hat in kommisje fan Spulwike en BernelepenloftSpul in petear hân op it Gemeentehûs. Dizze kommisje bûgt him no oer de eigen takomst.
- b. Berne-iepenloftspul Easterwierrum; bewiist sels syn besteansrjocht, mar hat it finansjeel dreech. Akteurs komme no út Littenseradiel. Aksje: bestjoer. It BIS hat mei de Spulwike in wurkgroep foarme om him te berieden op de takomst. It BIS wie ek by it petear op 6 novimber 2014;
- c. Keunstrûte: Littenseradiel as binend elemint ferdwynt. Fuortbestean hinget fan initiatyfnimmers ôf. Sa'n aktiviteit soe sûnder problemen, miskien ûnder in oare nûmer, trochgean kinne moatte. Aksje: bestjoer;
- d. Eveneminten lykas tintfeesten (Hy-night, Nacht fan Boazum, Lûkrock, Roekrock ensafh.) passe yn it regionale evenemintebelied. Se moatte nei 2018 by in oare gemeente fergunning freegje. Gjin aksje;
- e. Slachtemarathon: wurdt ien kear yn de fjouwer jier organisearre troch de Stifting Slachtemarathon; Foardiel foar de organisaasje: der hoecht mei minder gemeenten oerlein te wurden. Gjin aksje;
- f. Lytse doarpen rintocht: wurdt jierliks, yn 'e maitiid, organisearre troch de Stichting Lytse doarpen rintocht te Wjelsryp. Se moatte nei 2018 by in oare gemeente fergunning freegje. Gjin aksje;
- g. Alvestêdetocht: wurdt organisearre troch de Feriening De Friesche Elf Steden as der genôch iis leit; koördinaasje gemeente Ljouwert en de Veiligheidsregio. Minder oerlis nedich foar organisaasje. Gjin aksje;
- h. Ilstochten: Baarderadieltocht, Hennaarderadeeltocht, de Acht fan Jorwert, de Littenseradieltocht: wurde organisearre troch pleatslike iisclubs en IJswegencentrale; oare gemeente wurdt fergunningferliener;
- i. Iepenbiere Bibleteek en lytse bybs: binne yn grutter ferbân organisearre, hoe komt it mei de kontinuïteit? Aksje: gemeente.

- j. It twajierliks koarenfestival: aktiviteit fan koaren yn Littenseradiel, mei bytsje finansjele stipe fan de gemeente. Aksje: bestjoeren koaren;
- k. Subsydzjes foar sport en kultuer: belangryk foar breedtesport, koaren, korpsen, aktiviteiten yn monumintale gebouwen as tsjerken; de gemeente hat oankundige hjirop te besunigjen. Aksje: gemeente (notysje);

Súdwest-Fryslân

- l. Freule, Wommels: dizze keatswedstriid foar jonges fan 14-16 jier, dy't yn 1902 foar it earst organisearre waard, hat in sterke posysje yn de keatswrâld, mar kriget yn de nije gemeente Súdwest-Fryslân konkurrinsje fan de Hurdsyldei yn de Sneekweek. Der wurdt gebrûk makke fan de fasiliteiten fan it gemeentehûs (Omrop Fryslân). De bûtentsjinst fan de gemeente is tichtby. De gemeente is ek sponsor, troch ôfname fan in tal plakken foar relaasjes. De gemeente is meiferantwurdlik foar de akkomodaasje. Aksje: bestjoer en gemeente;
- m. Swimbad Wommels: it fuortbestean is garandearre oant 2018. It swimbad is in belangrike foarsjenning yn dizze krite, mar kin net sûnder subsydzje. Aksje: gemeente en bestjoer;
- n. Museum It Tsiispakhûs, Wommels: wat kin en wol in nije gemeente dêrmei? Aksje: bestjoer;
- o. Jongfeinte-partij yn Easterein: it fuortbestean hinget ôf fan de pleatslike feriening en de KNKB. De gemeente is wol meiferantwurdlik foar de akkomodaasje;
- p. Easterein hat (mei Easterlittens) in sintrumfunksje foar it fuotbaljen. De gemeente is meiferantwurdlik foar de akkomodaasjes. Op 10 novimber 2014 hat de gemeenteried ynstimd mei de oanlis fan in keunstgêrsfjild yn Easterein. Aksje: bestjoer;
- q. Mummies fan Wiuwert: dy bliuwe dêr wol lizzen, mar hjir soene kânsen lizze kinne yn in gruttere gemeente (Aksje?); Yn relaasje hjirta binne der ek noch plannen mei it terrein fan Thetingastate.

Ljouwert

- r. Iepenloftspul Jorwert : bewiist sels syn besteansrjocht en is bûn oan it doarp, net oan de gemeente. Soe sûnder problemen oergean kinne moatte, mar: de gemeente sponsort wol. Aksje: bestjoer;
- s. Uniastate Bears. Dêr giet yn ferhâlding nochal wat gemeentlik subsidzje hinne. Wat kin en wol in nije gemeente dêrmei? Aksje: bestjoer Uniastate.
- t. Jongfammapartij yn Mantgum: it fuortbestean hinget ôf fan de pleatslike feriening en de KNKB. De gemeente is wol meiferantwurdlik foar de akkomodaasje;
- u. Bangmapartij en Frouljus PC, Weidum; It fuortbestean hinget ôf fan de pleatslike feriening en de KNKB. De gemeente is wol meiferantwurdlik foar de akkomodaasje;
- v. Revanchefreule Jellum-Bears; it fuortbestean hinget ôf fan de pleatslike feriening en KNKB. De gemeente is wol meiferantwurdlik foar de akkomodaasje;
- w. Frysk kampioenskip Jeu de Pelote (strjitkeatsen) yn Easterlittens: it fuortbestean hinget ôf fan de pleatslike feriening en de KNKB;
- x. Easterlittens hat (mei Easterein) in sintrumfunksje as it giet om it fuotbaljen. De gemeente is meiferantwurdlik foar de akkomodaasje. Aksje: bestjoer.

Westergo y.o.

- y. Frysk Kampioenskip Fierljeppen, Winsum: sterke posysje. Fuortbestean hinget ôf fan pleatslike en provinsjale feriening. De gemeente is meiferantwurdlik foar de akkomodaasje en hat in wikselprîis ynsteld foar de fierste frouljussprong. Giet oer nei Waadhoeke.
- z. It Sinterklaasmearke yn Winsum – toanielferiening Winsum, mei bytsje finansjele stipe fan gemeente. Aksje: toanielferiening;
- aa. Yn Spannum wurdt kuorballe.

3. Ta beslút

De gemeentlike deadebetinking op 4 maaie yn Mantgum sil oars wurde, om't in boargemaster mar op ien plak tagelyk wêze kin.

Fierder binne der noch aktiviteiten, dy't ôfhinklik binne fan pleatslike initiativen, of dêr't de kontinuïteit net dúdlik fan is. Dy binne yn dizze notysje net opnommen. Foarbylden : Living Statues yn Easterlittens (yn 2014 net organisearre) en Lêze foar de Freule yn Wommels.

It hûs-oan-hûsblêd Op 'e Skille is in belangrike boarne fan lokaal nijs foar ynwenners fan de gemeente. Mei it keapjen fan in tal siden foar eigen nijs, draacht de gemeente by oan de eksploitaasje.

Houliksjubilea. Yn Littenseradiel omtinken foar 60, 65,70 jier en fierder, Ljouwert begjint by 65.